

2 Kaysk.
 Lang concours.
 20 Mei In de Salvator kerk.
 afd O Sjonglieder Fr Hofma.
 Oantal Leden 37.
 Kerph m Breidzje - Jan Venninga.
 Kays m Tank en Ear. - Edvard Grieg.
 1e priis 334 1e.

**Mooi succes voor
 Sjong de Heare**
 OOSTERNIJKERK - Op het 'Priis-
 sjongen' uitgaande van de Chr.
 Bond van Zangverenigingen afd.
 Friesland behaalde het koor uit
 Oosternijkerk o.l.v. dirigent Fr.
 Hofma een 1e priis mei 334½ pun-
 ten. Een mooi resultaat voor koor en
 dirigent.

Heech nivo op twadde jun fan priissjongen

Troch Gerben Bergstra

Om in koarwurk goed te
 fieren moat men twa teksten goed
 behearskje; de noatstekst en de
 wurdtekst. Ut dy twa sprekt de
 stimming fan in koarkomposysje. It
 is hieltiten wer spannend hoe de
 koaren dat der ôffringe.

De jûn sette útein mei twa
 bernekoaren o.l.v. Durk de Vries.
 Beide koarkes songen harren lieten
 treflik. De útspraak koe wol wat
 dúdliker. Prelude út Berltsum hie
 wat mear glâns en helle fan alle
 bernekoaren de measte punten.

Lytse Krêft út Gauw song knap
 it ferplichte nûmmer 'Foar wa't
 ôfwachtet'. It frije nûmmer 'Myn
 hiele hert' slagge minder goed. By
 de Kristlike Sjongerling Sjaloorn
 út Hallum foel it frije nûmmer it
 bêste yn 'e smaak.

It Famyljekoar Krol-Wind song
 tige treflik it nûmer 'Breidzje' yn
 in bewurking fan Jan Venninga.

'Sions ferteasting' fan Bernhard
 Smilde slagge wat minder.

Sjong de Heare (Easternijtsjerk)
 die hast net foar dit famileikoar
 ûnder. Ek dit koar song 'Breidzje'
 tige goed. 'Tank en Ear' fan Ed-
 ward Grieg hie in pear wiffe
 momenten.

Omdat it koar fan Skearnegou-
 tum troch omstannichheden dizze
 jûn net komme koe, waard as
 ûnderbrekking in nije kanon fan
 dr. Bernhard Smilde ynstudearre
 ûnder lieding fan de musikaal
 riedjouwer.

De sjuery, mei ûnder oare Jitze
 Nicolay, hie woansdei 20 maaie
 de folgjende útslach: Kinderkoar
 de Sinnestrielen 301,5 punten (1e),
 Prélude 315 (1e), Sursum Corda
 305 (1e), Lytse Krêft 300,5 (1e),
 Sjaloorn 314 (1e), Fam. koar Krol-
 Wind 353,5 (1e priis mei lof),
 Sjong de Heare 334 (1e).

Plak: Salvatortsjerke yn Ljouwert
 Foarstelling: Priissjongen
 Selskip: Ferskate koaren

KARMASTERS

Gerben Bergstra, Drachten
 Jitze Nicolai, Bûtenpost
 Dr. Bernard Smilde, Ljouwert

PUNTENFERDIELING

300 punten en dêrboppe 1e priis, mear as 340 punten mei lof.
 264 punten en dêrboppe 2e priis
 leger as 264 punten 3e priis.

SJONG DE HEARE - EASTERNIJTSJERK

Sjonglieder: Freerk Hofma

Oantal leden: 37

Ferpl. nr.: Breidzje - Jan Veninga

Frij nr.: Tank en Ear - Edvard Grieg

Sjong de Heare

Easternijtsjerk

334e 1e.